

Aktualisaasje fan de eksamenprogramma's



Om learlingen goed ta te rieden op harren takomst, is aktualisaasje fan eksamenprogramma's needsaaklik. It ministearje fan OCW hat SLO de opdracht jûn om mei it ûnderwiisfjild de eksamenprogramma's fan in oantal fakken te aktualisearjen.

Foar hokker fakgebieten aktualisearje wy de eksamenprogramma's?



Nederlânsk



Maatskippijlear



Moderne
frjemde talen



Natuerwitten-
skiplike fakken



Wiskunde
hafû/twû



Klassike talen



Fryske taal en kultuer

Wêrom aktualisearje wy de eksamenprogramma's?

It doel fan de aktualisaasje fan de eksamenprogramma's is om te soargjen foar aktuele ynhâlden foar elk fak. Dêrneist draacht dizze aktualisaasje by oan:

1

in bettere trochstream tusken skoalsoarten en learwegen.

2

in goede tarieding fan learlingen op harren ferfolchoplieding en takomst.

3

it befoarderjen fan kânsegelikenens yn it ûnderwiis.

Wa aktualisearje de eksamenprogramma's?

Foar elk fak is in fakfernijingskommisje gearstald. Under lieding fan in prosesregisseur geane leararen, fakeksperts en kurrikulumeksperts oan 'e slach. De opdracht oan de fakfernijingskommisje jout heldere kaders, mar de kommisje bepaalt de ynhâld.

Fakfernijingskommisje



Foar in goede ôfstimming en mear gearhing tusken tmbû, hafû en twû ûntwikkelet ien kommisje de eksamenprogramma's foar de ferskate learwegen en skoalsoarten.

Hoe giet de aktualisaasje yn syn wurk?

Yn de wurkopdracht fan it ministearje fan OCW steane de ynhâldlike útgongspunten en kwaliteitskriteria foar de aktualisaasje beskreaun. SLO fiert de regy oer it hiele proses. Dêrby wurde leararen, eksperts, skoallieders, learlingen en wichtige ûnderwiispartijen, wêrûnder de fakferieningen, goed belutsen.



Scan de QR-koade foar mear ynformaasje.

Hoe belûke wy it ûnderwiisfjild?



Advyskring

Foar alle fakfernijingskommisjes is in advyskring ynrochte. Dy advyskring bringt ekstra ekspertize yn, jout feedback en reflektearret op it wurk fan de fakfernijingskommisje. Yn de advyskring binne fakferieningen, ferfolchûnderwiis, learare-opliedingen, learmiddelmakers en relevante maatskiplike organisaasjes fertsjintwurdige.



Learlingpanel

Fansels wurde ek learlingen belutsen by de aktualisaasje fan eksamenprogramma's. SLO organisearret learlingpanels, wêrby't learlingen yn petear sille oer ferskate tema's dy't relevant binne foar de fakfernijingskommisjes. Sa witte wy wat learlingen nedich hawwe en wichtich fine.

Hokker stadia komme oan de oarder yn dit aktualisaasjeprogramma?

Fase 2, 3 en 4 rinne (foar in part) lykop.



Untwikkeling eksamenprogramma's

De fakferrijingskommisjes geane yn fase 1 oan 'e slach om konsept-eksamenprogramma's te ûntwikkeljen. Dêr wurkje sy yn fiif stappen hinne. De kommisje leveret dêrby ferskate tuskenprodukten op.



Utprebearjen kwaliteit eksamenprogramma's

Yn fase 2 wurde de konseptprogramma's falidearre en útprobearre op skoallen en sa nedich bysteld. Dêrby wurde de konseptprogramma's kontrolearre op relevânsje, konsistinsje, brûkberens, effektiviteit en toetsberens..



Utwurking fan skoaleksaminearring

Yn fase 3 wurde hânrikkings ûntwikkele dy't skoallen brûke kinne om harren skoaleksamens te meitsjen. Skoallen binne úteinlik sels ferantwurdlik foar dy skoaleksamens.



Utwurking fan sintrale eksaminearring

Yn fase 4 wurde foarskriuwendende syllaby ûntwikkele dy't doelen spesifisearje dy't taskreaun binne oan it Sintraal Eksamen. Dizze syllaby tsjinje as basis foar de útwurking fan dy sintrale eksamens.

Hoe ferrint de beslútfoarming?

SLO leveret de konsepteksamenprogramma's oan de minister fan OCW op. It wurk fan de fakferrijingskommisje (fase 1) is hjirmei klear.



Aktualisaasje yn trije minuten



Wolst mear witte oer it aktualisaasjeproses? Besjoch dan de animaasje op www.slo.nl/actualisatie of scan de QR-koade.

Hoe wurdt de kwaliteit garandearre?



Monitorteam

It monitorteam fan SLO hâldt sicht op sawol de ynhâld fan de (tusken)produkten as it proses. It monitorteam sammelet rinnende it ûntwikkelproses ynformaasje en analysearret dy op basis fan de kwaliteitskriteria út de wurkopdracht.



Ekspertûnte

De ekspertrûnte fan SLO wurket gear mei it monitorteam by de útfiering fan de ynhâldlike analyses en besjocht oft fakoerstiigjende eleminten goed yn de konseptútwurkingen boarge binne. It giet yn alle gefallen om letterfeardigens, siferfeardigens, LOB, boargerskip en digitale letterfeardigens.

Hoe soargje wy foar gearhing tusken keardoelen en eksamenprogramma's?

Fan 2022 ôf wurde foar in oantal leargebieten ek keardoelen foar primêr en ûnderbou fuortset ûnderwiis aktualisearre of ûntwikkele. Slute de eksamenprogramma's en de keardoelen anst wol op elkoar oan? SLO soarget mei in team fan eksperts en leararen foar gearhing sadat reitsflakken tusken fakgebieten mei elkoar oerienkomme en der in trochrinnende learline ûntstiet.



Mear witte oer de aktualisaasje fan eksamenprogramma's?

Sjoch op www.slo.nl/actualisatie of gean nei de webplatoarms foar de ferskate fakgebieten:

- Nederlânsk: www.actualisatiene.nl
- Moderne frjemde talen: www.actualisatiemvt.nl
- Wiskunde: www.actualisatiewis.nl
- Natuerwittenskiplike fakken: www.actualisatienwv.nl
- Maatskippijlear: www.actualisatieml.nl
- Klassike talen: www.actualisatiekt.nl
- Fryske taal en kultuer: www.actualisatiefr.nl

Oer SLO

SLO is it lanlike ekspertize foar it kurrikulum. Us opdracht is fêstlein yn wetjouwing en rjochtet him op it kurrikulum foar primêr, spesjaal en fuortset ûnderwiis yn Nederlân. Yn de mande mei leararen, skoallieders en oare partners drage wy by oan kwaliteit fan it ûnderwiis.